

Gjin better leach as in
húsfrou each

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Keatsen

Imke van der Leest nimt ôfskie mei tsiende plak yn it ivich puntenklassemint

Pagina 3>



Monumentendag

In Leeuwarder Greidhoeke gaan deuren van bijzondere gebouwen en locaties open

Pagina 3>



Sybrand Buma

Nieuwe burgemeester van Leeuwarden roemt innovatieve agrarische sector

Pagina 7>

Keninklik lintsje foar ‘spin yn it web’



Boargemaster De Vries fan Súdwest-Fryslân spjeldet Anna-Marie it keninklik lintsje op.

Foto: Henk Bootsma

Wommels – By har ôfskie fan de doarpskrante Diggelfjoer yn Wommels is Anna-Marie Wijnia-Kuindersma keninklik ûnderskieden. Se is beneamd ta Lid in de Orde van Oranje Nassau. Boargemaster Jannewietske de Vries fan de gemeente Súdwest-Fryslân spjeldde har ôfrûne freedtejûn yn It Dielshûs yn Wommels it keninklik lintsje op.

Hinne Bokma

In fearns ieu foar de doarpskrante hat Anna-Marie in soad brocht. Se hat útrekkene dat se yn al dy jierren 630 ferhalen skreaun hat. Ynterviews, reportaazjes, ferhalen fan sportwedstriden en fergaderingen en eftergrûnferhalen. En dêrneist binne der al dy oare stikjes noch, lykas Diggels, Redaksjepraat en 'Wat my dwaande hâldt'. It skriuwen brocht har yn kontakt mei in protte Wommelsers. Hast

eltsenien yn it doarp kin Anna-Marie en Anna-Marie kin hast alle Wommelsers. Mar neist it skriuwen die se noch folle mear foar de doarpskrante. Se fersoarge de agenda, wie it oansprekpunt fan de redaksje, siet de fergaderingen foar en ferwurke de ynkommende mails. Boargemaster De Vries neamde har de grutte ynspirator, de spin yn it web. „Troch har entûsjasme wist se minsken oan har te binen”, sa sei de boargemaster by de útrikking fan de ûnderskieding.

Frijwilligerwurk

It is net allinne it krewearjen foar de doarpskrante, ek oar bestjoers- en frijwilligerwurk wie reden om Anna-Marie in ûnderskieding ta te kennen. It giet te fier om al har wurksommen hjir te neamen. Sa wie se seis jier foarsitter fan de feestkommisje, wie se foarsitter fan de jubileumkommisje 100 jier Freule, wie se 11 jier folleybalskiedstrjochter,

foarsitter fan de weefkring, is se kantineiwerkster by sawol SDS as de Keatsferiening Wommels en stiet se al sûnt 2013 yn de kiosk fan it swimbad De Klomp. Har earste ferhaal yn de doarpskrante gong oer Hammie Westra, dy't yn 1994 de Frouljus PC wûn en útroppen waard ta keninginne fan de partij. Har lêste ferhaal, dat dizze wike yn Diggelfjoer stiet, giet oer Sjanet Wijnia. Se wûn koartlyn de Frouljus PC. „Sa is foar my de sirkel rûn”, seit Anna-Marie. As se it doarp yn gong hie se hast altiten pinne en papier mei, foar it gefal dat se in aardich nijsje hearde. Altiten eagen en earen iepen. Anna-Marie besocht altiten it ferhaal op te skriuwen sa as dat wie. Har eigen miening die der net ta. „It is it ferhaal fan dy oar”, sa jout se oan. Se sil de doarpskrante ek nei har ‘pensjoen’ net hielendal loslitte. Sa bliuwt se it argyf fersoargjen en wa wit: sa no en dan ris in lyts stikje.

Earste Fryske dooptsjinst 100 jier lyn yn Lytsewierrum

Lytsewierrum – It is op 14 septimber hûndert jier lyn dat yn de Gertrudistsjerke fan Lytsewierrum de earste dooptsjinst yn it Frysk holden waard. De betinkingstsjinst sil op 15 septimber, moarns om tsien oere, yn deselde tsjerke holden wurde. Dûmny Liuwe Westra fan Lollum giet dan foar.

Nei't dr . G.A. Wumkes yn Tsjom op 3 jannewaris 1915 de earste Fryske preek holden hat, kaam hy yn 1919 mei de earste Fryske

dooptsjinst. Dr. Wumkes doopte op 14 septimber 1919 twa bern yn de tsjerke fan Lytsewierrum. It gong om Ybeltsje Bergsma en Piter Tsjerkstra. Tritich jier lyn is der ek in betinkingstsjinst west yn Lytsewierrum. Op 10 septimber 1989 gong dûmny Marten de Boer fan Easterein foar. Hy folge foar in grut part de liturgy fan santicj jier werom. Ybeltsje Bergsma wie by dizze tsjinst oanwêzich. Piter Tsjerkstra wenne doe yn Austraalje en wie der om dy reden net by.

Publiek welkom bij plaatsen liggers

Wjelsryp - Twee hijskranen leggen woensdag 4 september zeven betonnen balken van gemiddeld 40 ton op hun plek. Op deze liggers komt het brugdek te liggen van de nieuwe brug in de N384 over de Frjentsjerter Feart nabij Wjelsryp. Publiek kan dit woensdag van dichtbij komen bekijken. Van 10.00 tot 12.00 uur plaatst de aanemer de liggers van 31 ton. Ieder half uur wordt een ligger geplaatst.

Rond 13.00 uur plaatsen ze de twee grote liggers van 54 ton. Tijdens het plaatsen van de liggers wordt het verkeer tijdelijk stil gelegd. Verkeersregelaars begeleiden het verkeer op de momenten dat er weer gereden kan worden. Het verkeer moet rekening houden met een vertraging van 5 a 10 minuten. Publiek is welkom hierbij aanwezig te zijn. Parkeren kan bij de trailerhelling, vlak bij de brug.



Schoonheidssalon **Joke**

Praktijk voor
huidverzorging

25 jaar 1994-2019

Lid ANBOS
De Dobbe 3a, 9022 BE Mantgum • Tel. (058) 250 16 18
info@schoonheidssalon-joke.nl • www.schoonheidssalon-joke.nl

BIJ SPORTCENTRUM AKKERMANS
STAAT DE JEUGD CENTRAAL

SPORTCENTRUM
AKKERMANS

Gezond en verantwoord bewegen

KIJK IN DE FLYER DIE BIJ
DEZE OP'E SKILLE ZIT

GREIDHOEK
FESTIVAL

*'Bob is dea,
lere 'Bob!'*

Kom Sneon
Alle gear
Nei Wommels!

IEPENLOFTSPUL JORWERT

Stjer yn it
tsjuster

IEPENLOFTSPUL JORWERT

Septimber 2019

www.iepenloftspuljorwert.nl

 Rabobank